

hurdriders is de ...
 hast legendarysk. Syn sportive ...
 hast yn syn eigen tiid wurdt er net neamd,
 na ... yn syn eigen tiid wurdt er "Adam hardc
 dochts is der ... yn 1765 leit er
 ent. 1887), dat gjin ...
 r. earder ek al wakker in sport fan ...
 r. earder ek al wakker in sport fan ...
 r. earder ek al wakker in sport fan ...

Petrus fan Thabor as lánmjitter

Peter Jacobsz fan Thabor, bekend fan syn libbene kronyk oer wat tusken 1470 en 1530 yn de Súdwesthoeke barde, wie lánmjitter fan profesje en dêrby lekebroer fan it kleaster Thabor. Oan syn aktiviteiten as lánmjitter hat Steensma in pear siden wijd yn syn dissertaasje (s. 115-117). Hjir folge twa lytse oanfoerings op de dêr presintearre gegevens. In earste berjocht komt út de hersjening fan it Register fan de Oanbring fan Ljouwerteradiel út 1540 (RAF, Samling Oanwinsten, nr. 10, f 74v). Dêryn wurdt foar in lytse pleats ûnder Wurdum, yn gebrûk by in beskate Mateus Saepesoon, meidield dat dy neffens eignere Pybe Geroltsma troch "Broer Peter toe Thabor . . . met twee andere landmeters" opmetten is. Spitigernôch wurdt der net by sein wannear't dat west hat. It twadde berjocht is wol krekt te datearjen. It giet om in akte (yn kopy) út it argyf fan de Ridderlijke Duitse Orde, Balije van Utrecht, te Utert, fan 10 oktober 1533. "Broeder peter iacopsoen van Thabor" ferklearret dêryn yn it bywêzen fan Reyner van der Elburch, commandeur toe Ness, heer Johannes Cortgeen, prior thoe Steenkerck, Sybolt Scholtazoën, Molla Janszoën, Peter Feykazoën en Tyaerdt Jeppazoën, dat hy it saneamde Scheltingaland, lizzende op de Buxsloetswalle tusken it Grote Beghinen Toch en Douwa Selkes landt (tusken Aldeboarn en Lúnbert) opmetten hat. It die dêrby bliken dat Scheltingaland 33, 5 pm grut wie, 16 pm dêrfan waarden tawiisd oan de kommandeur fan Skoat, dat der bleau noch 17,5 pm oer foar de kommandeur fan Nes, op waans fersyk it opmjitten dien waard.

J. A. Mol

Oer inkele Latynske grêfskriften út Fryslân (tusken Fly en Lauwers)

Yn in rige kreas útfierde ôfleveringen binne tusken 1950 en 1970 de âlde grêfskriften út it gebiet tusken Fly en Lauwers publisearre¹. Tusken de Nederlânske teksten fynt men hjir en dêr ek in Latynske ynskripsje, dy't de útjouwers mei soarch fan in Nederlânske oersetting foarsjoen hawwe. Blêdzjend yn dy

boeiende samling hawwe wy ús spesjaal ferdjippe yn 'e Latynske ynskripsjes. Inkele "Lesefrûchte" fan dy lektuer wurde hjir oan de belangstellende lêzer foarlein.

- a. Diel I, s. 19. Twa fersrigels út de epitaaf fan F. Craddebosch, dûmny yn Bûtenpost (1660):
scilicet hoc pretium est et merces / digna laborum doctorum fidei, et queis sunt caelestia curae.
 De oersetting fan dy passazje is net alhiel slagge: "(de kamp)prijs, die immers prijs en loon is, godgeleerde werken waardig, en hun toekomst, wie het hemelse ter harte gaat". Sûnder grûn is *doctorum* as in foarm fan *doc-*

tus (geleard) opfette en by *laborum* lutsen, wylst it feitliks fan *doctor* (learaar) komt. Wy krije dus: "dit is immers de prijs en de beloning, de inspanningen waardig, voor de leraren van het geloof en voor hen, die het hemelse ter harte gaat".

- b. Diel I, s. 27. Fersrigel út de epitaaf fan Tierck Boelens, grytman fan Achtkarspelen (1651):
occidit heu patri(ae) columen iustique columna.
 De hjir jûne oersetting ("stut en steun van het recht, kwam — wee, het vaderland! — te vallen") fertsjinnet in lytse korreksje.
Patria moat mei *columen* ferbûn wurde en de útroep *heu* blykt op himsels te stean. De bedoeling fan 'e makker wurdt better benei kommen yn de folgjende werjefte: "Gevallen is — helaas — de stut van het vaderland en de steun van het recht".
 c. Diel IV, s. 12-13. Part fan it grêfskrift fan Albert van Aysma, Bitgum (1648):
ast summi mens tenet astra poli inscia iam mundi mundanos nescit / honores, (aetheris) abiectum (lês: abiectam) gloria (nescit) humum.

„Wy fan Fedde Dijkstra“

Wy leverje jo betelber en goed in pakket handels- en famyljeprintwurk. Yn it hertsje fan Ljouwert fine jo de kwaliteit offsetprinters fan „Fedde Dijkstra“.

offsetprinterij

IEWAL 51A en B
 8911 GR LJOUWERT
 TELEFOAN:
 058-126684/127245

„fedde dijkstra bv“